

“De Fryslannen”  
Skriuwster Bonny Poelstra-Dyksma  
Ysgumerwei 1a  
8764 PS Dedzjum  
dbpoel@ziggo.nl

Dedzjum, desimber 2019

Bêste minsken,

Al is it noch lang gjin maaie, út namme fan it bestjoer mei ik jo útnûgje foar de maaiereis. Dy sil plakfine fan **16 o/m 22 maaie 2020**. Us ferbliuw is wer by:

**“Landhaus Smaga”**  
**Hauptstrasse 20**  
**25933 Süderlûgum**  
**Till. 0049 4663/7430 of 7547**

It programma sjocht der sa út:

**Sneon 16 maaie:**

It earste kopke kofje krije wy by **Van der Valk yn Zuidbroek**, krekt foar de grins. Dan op nei **Varel** foar ús echte kofjestop yn **Schlosscafé**, neitiid besjogge wy de **tsjerke fan Varel**.

**Snein 17 maaie:**

Wenje wy in tsjerketsjinst by. It plak is noch net bekend. Nei de tsjinst is der foar elk kofje yn it **Andersen-Hûs yn Klockries**. Yn ferbân mei **75-jierrich befrijing** besykje wy **Ladelund**. Der is in gids dy't ús útlis jout. Foar de jûns binne wy útnûge troch de **Noard-Friezen** by **Fegetasch yn Neukirchen**.

**Moandei 18 maaie:**

Fanôf **Romo** mei de boat nei it Waadeilân **Sylt**. In dei sûnder kofje kinne wy net. Sa wurdt der ek op Sylt foar kofje soarge.

**Tiisdei 19 maaie:**

Hjoed wurde wy ferwachte yn it **Noard-Frysk Ynstitút yn Bredsted**. Hjirwei geane wy nei in **Auto- en Barnstienmuseum yn Bredsted** en as der noch wat tiid oer is, besjogge wy it stasjon dêr't wy alle kearen lâns ride. De jûns ús eigen jûn mei sankjes, gedichtsjes, ferhaaltsjes ensfh.

**Woansdei 20 maaie:**

It is al hiel wat jierren lyn dat wy slot **Egeskov** te **Kvaerndrup yn Denemarken** besocht ha. Hjoed sille wy der op ta.

**Tongersdei 21 maaie:**

Opnij nei **Denemarken**, dizze kear nei **Blåvand** foar in besite oan it **bunkermuseum Tirpitz**. De jûns in optreden fan **Doede** op it oargel yn de tsjerke fan **Süderlûgum**.

**Freed 22 maaie:**

Werom nei hûs. Yn **Tönning** sille wy noch by **Multimar** sjen. It waarmiten is wer op it bekende adres yn **Detern**.

De kosten foar de reis binne **€595,00 p.p.** Dêr sit by yn: it hotel mei moarnsbrogge en waarmiten, hast alle dagen kofje mei wat derby, yntrees en de foaiepot.

Mochten jo tusken de middei ferlet fan wat ha, dan moatte jo dêr sels foar soargje. Tsjinoer it hotel is in supermerk dêr't fan alles te keap is.

It opjeftebriefke graach opstjoere foar **1 maart 2020** of oer de e-mail **dbpoel@ziggo.nl** opjaan.

De reissom kinne jo foar **1 april 2020** oermeitsje op de rekken fan "De Fryslannen".

**Rek.nr.: NL47RABO0362719845**

**o.n.f. "De Fryslannen"**

**Frou Tineke Talsma-Kerkstra**

**De Zaan 1**

**8251 WB Dronten**

**Till. 0321 314472**

Der kinne op syn meast **40** minsken mei. Dus **fol** is **fol**. De oaren komme op de reservelist. Wy meitsje meast gebrûk fan **2** persoanskeamers.

Dygingen dy't op de reservelist steane, krije fuort nei de **ynskriuwdatum 1 maart 2020** berjocht dat sy net mei kinne. Der kin opstapt wurde by garaazje **Paulusma Drachten**, **busstasjon Ljouwert**, **bushalte Swartewesein**, **parkearterrein disko Quatrebras**, **Transferium-Oast Lavendelheide (by de reade brievebus) Drachten** en by it **stasjon fan Grins** oan de wetterkant.

Elk moat sels foar in annulearringsfersekering en in reisfersekering soargje. Om ús foar kalamiteiten yn te dekken, hâlde wy ús oan it neifolgjende reglemint. By opsizzen nei **1 maaie 2020** binne jo **€150,00** ferskuldige.

Mocht it jo wat talykje om mei ús op reis, dan graach opjaan foar **1 maart 2020**.

Ein april kriget elk in **programma/reisboekje** tastjoerd mei de list fan dielnimmers. Ha jo noch fragen, nim kontakt op mei it sekretariaat **0515 579133 Bonny Poelstra-Dyksma**.

Wy hoopje elkoar te moetsjen op **16 maaie 2020**.

Mei in freonlike groet fan it bestjoer,  
Bonny Poelstra-Dyksma